

De diaken en it “ponge omgean”

It is op ien fan de moaie dagen yn maart dat Willem Piersma, de tsjerkfâd, troch syn greiden panderet. It gers wurdt al wer moai grien, yn 'e wâl bloeie de finneblomkes, de ljipkes sigesaagje troch de loft, en de ljurkjes litte harren moaiste sankjes hearre. Stadichoan fierder kuijerend, belânet er by in lyts komelkerspultsje, in frij âld húske mei in houten berch der njonken. Dêr wennet Liuwe Bintes, it húske mei it hiem en in fearn grûn is syn eigendom, mar de sân pûnsmiet (2,5 hektare) dat binne Willem Piersma sines. Dy hiert Liuwe fan him foar net sa'n ûnskiklike priis, want Willem mei Liuwe tige lije en foar sokke minsken is er in brûksum man.

Foar oaren dy't it him net nei 't sin dogge is er net sa maklik, dy moatte ferhúzje of tajaan, want Willem hat hiel wat yn te bringen. Hy is ien fan de twa grutte feehâlders yn Oerterp.

Der is noch sa'n grutte boer, mar mei him wol Willem Piersma leaver net folle gedoente ha, hoewol't dy boer, Douwe Sjúks, nei deselde tsjerke giet as hysels, de âlde St. Petrus. Douwe is him te bluisterich, en it giet dêr op dy buorkerij wol ris rûch om en ta. By stil waar kin men harren yn it doarp gauris razen en flokken hearre by de stâl, it draacht fier oer de fjilden.

Liuwe hat as feint by Piersma tsjinne. Hy wie in guodlike wrotter, ien dy't him fan de boer yn alles sizze en stjoere liet, mar hy wie dan ek net ien fan de skerpsten. Dochs wie er sa wiis wol, dat er, doe't er it mei de faam iens waard, en hja trouwe soene, soks earst mei syn boer oerlei. Doe't it spultsje oan de Bûtenwei yn de krante te keap stie, hie er de boer frege: 'Wat tinkt jo?' 'k Soe it mar dwaan', hie er sein. 'Mar der is gjin lân by.' 'Ik soe it dochs mar dwaan', sei er wer, 'der is wol lân by!' Sa barde it, dat er it lân dêr omhinne fan Willem Piersma hiere koe. Willem hold harren de hân boppe de holle, want Liuwe wie in fûle skrepper dy't foarút buorke. Sa dwaande....

It fersyk

'Dei Liuwe en Sapke', sei er doe't er ta de keamer yn kaam. 'Dei Piersma', seine de beide minsken.

'Kom, woenen jo hjir efkes by ús sjen?'

Earst praten se oer it buorkjen, oer it lân en it fee. Jo witte wol wêr't boeren trochgeans oer prate as se byinoar op besite komme. Piersma wie wat in grutsprekker en hy hie it gauris oer mines en in bulte oer ikke. Liuwe en Sapke joegen him mar gelyk, se moasten wol, want tsjin de hjerst moasten se wer ynhiere en dan koene se net sûnder dy boerehân boppe harren holle. Is't net sa?

'No noch wat oars', sei Piersma op 't lêst, 'takom tiisdeitejûn is it bidstûne foar it gewaaks (en arbeid, hawwe se der letter oan taheakke) en dêrnei stimme foar in nije diaken dy't er komme moat en no hie ik tocht, dat jo dat wol wurde koene.'

It wie oft de wjerljocht ynsloech. 'Wêr hawwe jo it oer', sei Liuwe, 'ik diaken, dêr haw ik gjin kop foar, toe Sapke, sis do ek ris wat?' 'Ei ju, de boer gekjaget mar wat, hy wit wol better, dat binne baantsjes foar Douwe Sjúks en sa, soksoarte fan mannen. Hoe soest do yn 't hokje sitte kinne, do slepst ommers altyd daliks.'

Mar sok praat noaske Willem Piersma net, dat fernamen se al gau. En hoe't Liuwe en Sapke harren bêst ek diene it harren 'freon' út 'e holle te praten, it joech allegear neat.

'Der komt net ien fan Douwe Sjúks yn de tsjerkeried as it oan my leit', sei Willem, 'en ik tink dat jimme no genôch witte... of...'

'Ja, ja'. It wie Liuwe no wol dúdlik, dat er de flagge foar de boer strike moast. 'Jo kinne op my rekkenje', sei er.

Tefreden stuts Willem Piersma op hûs oan, hy soe syn prikken yn it wurk sette, dêr koene se fan op oan. Syn arbeiders, syn leveransiers, de bakker, Pyt Mulder fan de Mûne dy't oan de Mûnewei wenne, ja sels de dominy krige besyk fan him. En elk lei er mei omhaal fan wurden úteinlik it fjoer nei oan de skinen. Allinne by de dominy rûn er op 'e stompe. Doe't er de betrouberens fan Durk Slof, in arbeider fan Douwe Sjúks, wat tefolle yn twivel luts, riisde de âlde dominy oerein. Wylst er de hân fermoanjend omheech hold, rôp er mei fonkjende eagen: 'Piersma, oordeelt niet opdat gij niet geoordeeld worde ... ' Doe moast Willem ynbine, en doe't dominysmefrou frege 'of Piersma nog veel

koekalveren zou krijgen', om it oer in oare boech te smiten, krige Piersma yn 'e rekken, dat er net elkenien om syn grutske finger wine koe.

De stimmerij

Yn de Oerterper tsjerke brâne de lampen. Dêr komme de minsken no byinoar om mei harren harder en learaar by it Opperwêzen ôf te smeejen dat der seine rêste mei op it wurk fan harren hannen, op harren fruchtbere lannen en it fee dat dêr weidzje sil. Foar de tsjinst binne der al minsken dy't grapkes meitsje as se Liuwe oankommen sjogge: 'Silst jûn foar diaken stimd wurde Liuwe, bisto dêr wol mânsk genôch foar, jonge? Dan moast skielk ek mei de ponge omgean, ha, ha, dat kin moai wurde.' Tiid foar replyk is der net. Liuwe hat it swit al yn 'e hannen as er dêr oan tinkt.

In goed oere letter is it safier, de stamberjochtigen fan de Oerterper tsjerke sitte yn it foarein dêr't stimt wurde sil, de tsjerkeried om 'e tafel en it oare folk yn de banken. Master hat de stimbriefkes ree makke en dielt se út mei in poatlead derby. Hy hat se teld, want de oare kear krige er minder werom as dat er útdield hie en soks kin fansels net wer. Dy dingen binne djoer en men kin it jild mar ien kear útjaan. Hjir en dêr sitte minsken te mûskopjen en sjogge nei de twa kandidaten. Liuwe Bintes Kleistra, de foarkar fan Willem Piersma en Douwe Slof de arbeider fan Douwe Sjûks. It sil der om spanne.

De briefkes wurde ynsammele en it foarlêzen kin begjinne. It rint lyk op en as Liuwe wat faker neamd wurdt, glimket Willem Piersma temûk, mar Liuwe sels sit dêr mei in holle as fjoer. Dan stiket it foarlêzen, wat is der oan 'e hân? It binne fansels gjin amtners dy't it oplêze moatte, mar ja, sa muoilik binne de nammen no ek wer net. Master komt derby en sjocht en sjocht en teart it briefke iepen en ticht en lêst dan: 1 vles spieritus, 3 pont smoor, kiepeten, 1 rol pepermint, 1 pot groene seep ... Dan klinkt Djurre Jacobs syn stim troch de tsjerke: 'Hâld mar op master, it is mines...'. Der wurdt lûdop lake, it galmet troch de tsjerke. Djurre laket sels it lûdst. Hy sil it wol efkes útlizze en dat docht er dan ek. It sit sa, hy sels kin net lêze en skriuwe, dêrom hat syn soan, en hy knikt nei Liuwe, de namme alfêst op in briefke set, mar syn wiif hie ek in briefke skreaun foar de winkelman en hy hie beide briefkes yn de bûse stutsen en no hie er fansels it ferkearde yn 'e pet smiten. Sadwaande... It briefke wurdt omwiksele en op in pear 'wylde' nammen nei wurdt it in striid tusken Liuwe en Durk. Der wurdt

nochris stimd, Djurre lit dat foar him dwaan en mei in fiiftal stimmen mear is Liuwe de sigaar. Hy woe wol troch de grûn sakje. En as dominy oerein riist en him tasprekt om't de stimmen útwiisd hawwe dat de lidmaten betrouwen yn him stelle, rinne de switdruppen him yn 'e nekke. Dan freget dominy oft er it amt oannimme wol.

Douwe Sjûks dy't efter Liuwe sit, sjocht it dripkjen en flûsteret: 'Betankje derfoar man, do kinst der no noch foarwei!' No, dan hie er bûten Willem Piersma rekkene. Doe't dy hearde wat der sein waard, rôp er lûd: 'Ik fersykje Douwe om 'm der bûten te hâlden, de beneamde kin 'm der sels wol mei rêde.' Wat sil Liuwe sizze, de mannen wachtsje fol spanning. En Liuwe, hy sjocht de strange eachopslach en de strakke útdrukking fan syn eardere wurkjouwer, de holle sakket him op it boarst. 'Nu broeder Kleistra', seit de dominy, 'wat zal het wezen!' 'Ja, Ja', stammeret Liuwe, it falt him swier om foar't earst sa yn it iepenbier wat te sizzen, 'mar het ponge omgaan dominy, kin ik daar niet foor weg komme?'

Der wurd wer lake en Douwe en syn freonen fermeitsje har wakker. Dominy freget om taljochting en dy kriget er fan de beneamde. 'Ik had so gedacht', sei er, 'als daar Zondags een met een bus as skaal by de uitdeur stond en elk smeeet daar wat in.' 'Lykas by de Roomsken... fei man', blaft Roel, 'soks kinne wy hjir net ha!'

Oaren gnyskje. Piersma is poerlik en noartsk snaut er Liuwe ta: 'Jo binne stimd foar diaken hat Dominy sein, ik freegje jo... nimme jo dat oan... ja of te nee!' 'Ja Piersma', seit Liuwe dimmen. It hege wurd is derút, de mannen meitsje harren ree om nei hûs te gean. Master telt de poatleaden en ferhip... der binne wol fiif by dy't healtroch binne, hawwe se him no wer te fiter hân?

In inkelde stimmer rint hoeden it tsjerkepaad del en giet dan mei in bocht nei it Teehûs ta dêr't ek wat oars te krijen is as allinne tee. Dy jûns let heart de koster sjongen, mar it binne gjin psalmen dy't út de tsjerke komme. Hy kin wol riede wêr't dy ferskes wei komme. Se hawwe alfest in foarskot op 'e segen fan de Hear nommen.

Liuwe en Sapke

Liuwe hat och sa'n min sin as er thús komt, ja, hoe kin't ek oars. Sapke besiket him wat op te monterjen sa't in tawijde frou dat yn 'e regel docht ûnder soksoarte omstannichheden. Se seit: 'Miskien falt dat pongjen wol wat ta.' 'Hâld dy stil minske', seit de oars sa guodlike man, 'dat hjit ponge omgean en dat falt om 'e duvel net ta. Do wist wol hoe't it giet as dominy mei in âlderling hjerstmis op 'húsbesyk' komme, dan sit ik al te rideljen op 'e stoel.' 'Ja', seit Sapke, 'dat wit ik, it hat my al twa kopkes koste, en asto mei de ponge ek sa begjinst te rideljen!' Ut grimmitigens lit Liuwe syn lange pipe op 'e kachelsplaat falle en pats... oan gruzeleminten. 'No hoechst ek net mear te smoken', seit Sapke wrantelich, 'dat skeelt letter wer wat krupsjes, by it âlder wurden. No net seure, dan hiest dy beneaming mar net oannimme moatten.' Se geane de bedstee mar yn, mar fan sliepen komt foarearst by Liuwe neat. It mealt him mar yn de holle om, jo kinne dat wol, as er swierrichheden binne of as jo earne bot tsjinoan sjogge. Op 't lêst falt er yn 'e sliep, mar jonge, jonge, wat in nacht waard it:

It wie sneintemoarn, hy stapte mei Sapke nei de tsjerke ta. Doe't se it paad oprûnen, stiene de feinten en jonges dêr en gniisden him út. Hy rûn mei de holle stiif foardel ta de tsjerke yn, en gie yn it fjouwerkant sitten. Dêr siet er dan en elkenien seach nei him hoe't er yn 'e grutte bibel de tekst opsykje woe, it net gau genôch fine koe fansels en dêrnei it alder slimste: 'Voordat wij verder gaan... liefdegaven voor armen en voor scholen....' Der

waard in psalm lêzen, master spile in preludium op it oargel, efkes twa maten rêst... doe begûn it sjongen... en dan... en dan ... Oerein... stean gean ... de ponge mei de lange stôk gripe, it doarke iepen draaie en it sanhedrin de ponge foar hâlde... De minsken gnysken... En och hearken, dêr barde it al, mei de mûts fan de ponge aaide er it domineeske oer it gesicht... swaaide de stôk foar de rigel lâns, fergeat masters frou, tebek mei de brut...., en o nee, dêr stjitte er mei de ponge in psalmboekje fan de bank ôf. Lilke gesichten, laitsjende jonges. Hy trille oer syn hiele lea... om 'e huodsjes fan de froulju tinke, mei in grutte bôge der oerhinne, sa heech, dat de kweajonges der neat yn dwaan koene. Ien pakte de sek beet en woe 'm net wer los litte.., hy skuorde deroan, de stôk boegde en... krak ... hy bruts ... Alle jild oer de flier. De minsken kamen út de banken wei... en tysken deryn om, hy treau se tebek... Fuort jimme, it is foar de earmen...

Dan heart er Sapke har stim: 'Toe ju, wat dochst no, net dwaan', en hy kriget in stomp yn 'e side en... wurdt wakker. Hy hie har hast oer de bêdsplanke raamd.

De oare moarns

Hy wie al betiid yn 'e baan, en hie syn beslút nommen, mar hy hie neat tsjin Sapke sein. Hy soe nei dominy ta en him oan 't ferstân bringe dat er mar in oaren-ien as diaken nimme moast. Hy wie net geskikt foar dat amt, it wie him te swier. Hy krige al hertkloppings as er der mar oan tocht, en nei sa'n nacht wie it him allegearre te folle. De pastorij stie neist it Teehûs, en sa stapte er al wat minder dryst foar de tsjerke lâns. Hy seach wat skruten omheech nei de tsjerkedoar dêr't er juster ta'n út kaam wie. De doar stie iepen, en der lei ark fan de timmerman, der wiene grif wat kreweikes. Dat kaam moai út dat er de timmerman trof, want der moast by him in hikke makke wurde, dat koe er no moai efkes trochjaan. By de doar seach er nei binnen, mar der wie net ien, dus stapte hy de tsjerke yn. It wie dêr stil en rêstich en yn 'e hoeke seach er de pongen hingjen. Wat deale, it foel miskien ek wol wat ta, miskien hoegde er net sa skitene benaud te wêzen. Soe er it ris besykje?

En wylst de sinne troch de hege finsters skynde pakte er dryst in ponge beet en stuts 'm út nei alle hoeken fan it fjouwerkant. It slagge foar wûnder, doe it kostersbankje, en foar de frouljusbank lâns. Der waard gjin hoed rekke en wol seis kear hold er de ponge efkes stil. Doe nei de manljusbanken. Yn syn ferbylding knikten de manlju him ta en nimmen lake. It wie moai wurk. Mei in linige swaai wipte er de stôk omheech en op it stuit dat er de ponge wer te plak hingje soe, waard der ynienen hantsjeklapt. Hy seach twa manlju yn de syddoar stean. It wiene baas timmerman en Douwe Sjûks. Wat hiene se in wille en Douwe taaste yn de bûse en sei: 'Kom op, hjir ha ik wol in gûne foar oer, foar de earmen.' Liuwe woe wol troch de grûn sakje fan ellinde, mei in swaai smiet er de ponge fuort, tusken de banken, en stode ta de doar út nei de pastorij.

Hymjend kaam er by de dominy oan dy't bûten op it tûnbankje siet te studearjen. 'Ik betankje foar myn beneaming, ik ha my betocht, jimme sykje mar in oaren-ien!', rôp er.

'Maar U hebt het toch aangenomen', sei de dominy! 'Ja, dat is sa, mar ik sjoch derfan ôf, nim mar in oaren-ien, ik bin der net geskikt foar.' De dominy wie der mei oan, hy koe prate wat er woe, mar de man wie net ta bekommen te bringen en krige op 't lêst syn sin. Rom om it hert gie Liuwe wer nei hûs ta. Hy hoegde nimmen te fertellen wat der yn 'e tsjerke bard wie. Yn in omsjoch wist elkenien yn it doarp it en se soene der noch lang wille om ha.

Dy hjerstmis moasten Liuwe en Sapke fiif gûne it pûnsmiet mear hier jaan.

*Mei tank oan N.N.

Henk F. Hansma
De Himrik